

Liturgy foar de achtste snein fan de hjerst, 8 novimber 2020 yn de Eastertsjerke.

Yn dizze tsjinst fiere wy it Hillich Nachtmiel.

Foargonger : *ds. Jan Willem Nieboer*
Âlderling fan tsjinst : Paula Buijs
Oargelist : *Bob van der Linde*
Sang : *Sikke Horjus*
Lêzer : *Dick Kits*
Koster : Jan van der Veen



Wolkom en meidielings

Sjonge: Liet 362 Hy dy't in wurd joech dat nei 't libben liedt

1.

Hy dy't in wurd joech dat nei 't libben liedt,
dêr't wy mei troch woestinen reizgje kinne,
in spoar fan ljocht dat as in hânskrift stiet,
hoe driigjend ek de loftten hjir berinne:
Hy skept in nije moarn, jout ús in liet;
Hy ropt ús oan: "Ik lit dy net allinne."

2.

Hy dy't ús frege-om yn syn wurk te stean,
Hy dy't it weage-en ta syn tsjinst ús dage,
Hy lit ús frij fan eangst en oardiel gean
en woe oant no ta ús op hannen dragen.
Haw mar gjin noed, Hy hat syn help ús bean
en bliuwt ús nei yn alle langst en frage

3.

Fan Jo is dizze wrâld en werklikheid.
Jo lieten, Hear, Jo stim oant hjoed ta klinke.
Jo namme-is hertstocht foar gerjochtingheid,
Jo wurd de wetterstream dêr't wy út drinke.
Jo bin ús takomst oant yn ivichheid -
dat wy net yn fertwifeling fersinke

Bemoediging en groet

F: Dat wy mei elkoar hjir binne, dat drage wy op oan de Ivige

A: DY'T LEAFDE IS EN GRÛN FAN ÚS BESTEAN.

F: dy't ús yn it ljocht set en ropt ta syn tsjinst

A: DY'T ÚS FRIJHEID JOUT EN ÚS FERTROUWEN FREGET

F: frede mei jimme

A: FREDE MEI DE WRÂLD

Gebed

Lêzing: Jesaja 48: 17-19

¹⁷Dit hat de Heare te sizzen, dyn Ferlosser,
de Hillige fan Israel:
Ik, de Heare, dyn God,
Ik lear dy, wat ta dyn eigen bêst is
en Ik stjoer dy de wei lâns dyst te gean hast.

¹⁸Och hiest mar nei myn geboaden harke,
dan wie it in stream fan heil foar dy wurden,
in weagjende see fan gerjochtichheid;

¹⁹dan wie dyn neiteam manmachtich wurden as it sân
en dyn neikommelingskip ûntelber as sânkerrels;
har namme soe noait weiwurden
of útwiske wêze foar myn eagen.

Lêzing: Mattheüs 25: 14-30

¹⁴It is dêrmei as mei de man dy't om utens gong en doe syn ûnderharrigen by him rôp om harren syn besit ta te fertrouwen. ¹⁵De iene joech er fiif talinten, de oare twa en de tredde ien, elk nei't er oan koe. Doe reizge er ôf. ¹⁶Dy't fiif talinten krige hie, gong fuortynienen oan 'e slach, die der handel mei en fertsjinne der noch fiif by. ¹⁷Krektsa die de man dy't twa krige hie. Hy fertsjinne der noch twa by. ¹⁸Mar de man dy't it iene krige hie, dolde in gat yn 'e grûn en bedobbe dêr it jild fan syn hear yn. ¹⁹Gâns in set letter kaam de hear fan dy ûnderharrigen wer thús en rekkene mei harren. ²⁰De man dy't fiif talinten krige hie, kaam mei in winst fan nochris fiif talinten en sei: Mynhear, fiif talinten hawwe jo my jûn. Sjoch, noch fiif haw ik derby fertsjinne. ²¹Tsjin him sei de hear: Moai sa, do bist in goede en fertroude feint. Oer in bytsje hast trou noed stien, ik sil dy no oer hiel wat stelle. Kom mei nei myn feestmiel. ²²Doe kaam de man dy't twa talinten krige hie. Hy sei: Mynhear, twa talinten hawwe jo my jûn. Sjoch, ik haw der noch twa by fertsjinne. ²³Tsjin him sei de hear: Moai sa, do bist in goede en fertroude feint. Oer in bytsje hast trou noed stien, ik sil dy no oer hiel wat stelle. Kom mei nei myn feestmiel. ²⁴Mar de man dy't ien talint krige hie, kaam ek. Hy sei: Mynhear, ik wist dat jo in fûlenien wienen. Jo rispje op plakken dêr't jo net siedde hawwe, en helje mar yn, dêr't jo neat útset hawwe. ²⁵Ik wie dus tige bang en haw it talint yn 'e grûn bedobbe. Sjoch, hjir hawwe jo jowes werom. ²⁶Mar de hear sei tsjin him: Minne en sleauwe fint, ast dan sa goed wiste dat ik rispje op plakken dêr't ik net siedde haw, en dat ik ynhelje, dêr't ik neat útset haw, ²⁷dan hiest myn jild op 'e bank sette moatten en dan hie ik, doe't ik thúskaam, myn jild mei rinte weromkrige. ²⁸Nim him dêrom it talint ôf en jou dat oan dy't de tsien talinten hat, ²⁹want elk dy't wat hat, krijt wat. Him sil folle mear as oaren jûn wurde. Mar ien dy't net hat, sil ek noch ôfnommen wurde, wat er hat. ³⁰Smyt dy fint-fan-neat mar bûten yn 't tsjuster. Dêr sil wat ôfgûld wurde en op 'e toskten knarst!

Sjonge: Gesang 292 (Alde Fryske lieteboek): Hear, Jo wegen lizze yn't tsjuster

1.

Hear, jo wegen lizze_yn 't tsjuster,
mar wy bûge foar jo wil,
want Jo hawwe 't ús ûnthjitten,
dat der brulloft komme sil.
Bliuwt it middel ús ferburgen,
God is God; it doel leit fêst.
Yn syn Wurd, dat net beskammet,
komt ús leste langst ta rêst.

2.

Strak, oan de_ein fan alle tiden
giet foargoed de geast fan 't kwea
sûnder wapen en ûnmachtich
ûnder yn 'e leste dea.
As de Heare_yn allegearre
't ien en al yn alles is,
sil it ljocht foar ivich wêze,
ljocht út ljocht en tsjusternis.

Meditaasje

Sjonge: It wurd fan oarsprong fier en heech (Hertslach 13)

13. It wurd fan oarsprong fier en heech
bij Deuteronomium 30:11-16

meldij A (froulju)



1. It wurd fan oar - sprong fier en heech
is net te djip en net te dreech,
gjin meal-stream fan be-spe-ge-lin - gen.

meldij B (manlju)



It kaam ús hel - der foar 't fer - stân,
it waard as man - na yn 'e hân,
dit deis-tich wurd fol se - ge - nin - gen.

2. It leit net oarekant de see,
as wie 't in dizenich idee,
in skim dy't troch de holle spile.
It is gjin riedsel, fjn geheim,
gjin fizioen oan ierdeyks ein –
it lân is hjir al te besilen.

4. Hijsels skriuwt minsken yn it hert
it heilsum hânskrift fan syn wet,
mei rjocht en reden ûnderstreke.
Dit wurd is ú sta roai en treast
yn foar en stjin – mar aldermeast
syn dwalend folk in taal en teken.

3. It is ek yn é himel net,
dit wurd, rotsfêst op ierde set –
wat sykje wij't yn heger sfearen?
It stiet net yn 'e stjerren skreaun,
it is foargoed bij minsken bleaun:
Gods ivich wurd, net om te kearen.

tekst: Eppie Dam
musyk: Hindrik van der Meer

Gebeden

Nachtmiel

Us Heit

Ús Heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.

Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa 't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid
oant yn ivichheid.

Amen

Slotliet: Liet 416: **Hear, wês mei ús oant in oare kear**

1. Hear, wês mei ús oant in oare kear,
Wol oant wersjen oer ús weitsje.
Lit gjin kwea ús rigen reitsje.
Hear, wês mei ús oant in oare kear.
2. Hear, wês mei ús oant in oare kear
Wol de wegen foar ús sljochtsje
Ús net nei ús sûnden rjochtsje
Hear wês mei ús oant in oare kear
2. Hear, wês mei ús oant in oare kear
Wol ús mei Jo wjukken hoedzje
Stypje as de stoarmen woedzje
Hear, wês mei ús oant in oare kear
4. Hear, wês mei ús oant in oare kear
As wy wurch en warleas binne
Lit ús dan troch Jo oerwinne
Hear, wês mei ús oant in oare kear

Seine

F: Seinigje ús, o God
A: DE IERDE ÛNDER ÚS FUOTTEN.
F: Seinigje ús, o God
A: IT PAAD DAT WY GEAN.
F: Seinigje ús, o God
A: DE MINSKEN OP US PAAD
F: O God fan alle goaden,
A: SEINIGJE ÚS LIBBEN. AMEN.

COLLECTE

1^e collecte: **ZWO - Een stabiel thuis voor kinderen**

Getraumatiseerde en kwetsbare kinderen kunnen in de gezinshuizen van Jeugdorp De Glind herstellen en zich ontwikkelen. Uithuisgeplaatste kinderen vinden in De Glind een veilig thuis in een stimulerende leef- en leeromgeving.

In Nederland zijn ongeveer 45.000 kinderen uithuis geplaatst. Ze maakten in hun jonge leven al té veel mee. In De Glind, een klein dorpje in het midden van Nederland, vinden ruim 120 uithuisgeplaatste, getraumatiseerde kinderen een veilig thuis in de 28 gezinshuizen die verspreid staan over het verder heel gewone dorp. De Rudolphstichting steunt in het Jeugdorp alle voorzieningen die bijdragen aan het herstel, de ontwikkeling en het welzijn van gezinshuiskinderen. Bent u niet in de gelegenheid om deze dienst bij te wonen, maar wilt u toch een financiële schenking doen? Dat kan.

U kunt geld overmaken op NL20RABO0359505945 tnv Diaconie, ovr **Rudolphstichting**.

De ZWO commissie beveelt deze collecte van harte bij u aan.

2^e collecte: **kerk**

Inzamelingsactie Voedselbank!!

DEEL JE VOEDSEL

Dit jaar gaan we GEEN voedsel inzamelen, maar vragen we u het volgende: i.p.v. een gift uit een warme hand vragen wij u om een gift uit uw hart. Om het noodzakelijke voedsel aan te schaffen is geld nodig. Mocht u de komende twee weken boodschappen doen, denk dan alstublieft ook aan de voedselbank. U kunt uw gift overmaken naar het rekeningnummer van de diaconie. NL20RABO 03595 05 945 t.n.v. Diaconie Protestantse Gemeente Sneek o.v.v. Voedselbank.

Wij hopen op deze wijze een wezenlijke bijdrage te kunnen leveren aan onze medemens.

Doet u weer mee?

